

Sjueryrapport Rink van der Veldepriis 2012

Yn it algemien wol de sjuery opmerke dat fan de 35 ynstjoerde boeken in opfallend soad net sûnder wryt of slyt binne wat it Frysk oanbelanget. Wy soene de útjouwerijen dan ek mei klam oanriede wolle de printkladden kritysk trochlêze te litten troch in korrektor. Dy hellet de flaters der sa út en dan kinne je ek sizze dat in boek ‘ambachtlik’ goed is. Ommers, wêr bedarret men, as it ambacht fan it skriuwen – yn dit gefal dus de Fryske taal – net iens goed is?

No dan de boeken sels. Fan dy 35 boeken bleau in top fiif oer fan boeken dy’t derút kipen. Yn willekeurige folchoarder binne dat:

De ferhalebondel ‘Kofje ferkeard’ fan Margryt Poortstra
‘De gewoanste man’ fan Hidde Boersma
‘It dak fan de wrâld’ fan Ferdinand de Jong
‘Rêdbâd’ fan Willem Schoorstra
‘Griene Simmer’ fan Bart Kingma.

Dy fiif boeken hawwe wy nochris yngeand besprutsen. Se binne hiel ferskillend en it wie dreech om ta in goede kar te kommen. In goed boek fûnen wy it belangrykste, mar it moat fansels ek by de doelstelling fan de Rink van der Veldepriis passe.

It winnende boek is sadanich flot skreaun, dat wy tinke dat it gaadlik is foar in breed publyk. It is ek leechdromplich en dat is wichtich foar jonge en nije Frysklêzers. It boek is spannend en it nimt dy mei, oan de ein ta. De Rink van der Veldepriis 2012 is foar:

‘It dak fan de wrâld’ fan skriuwer Ferdinand de Jong.

Der binne noch wol in pear wurden dy’t wy as sjuery graach kwyt wolle oer dit boek. Alderearst de ynhâld. Ferdinand de Jong beskriuwt mei faasje it ferhaal fan Redmar en Hiske, harren passy foar it berchbeklimmen en dêr tuskentroch de heimsinnige achtergrûn fan harren klimmaat Marcel. De opbou fan de roman is nijsgjirrich. De spanning rint lykop mei de bergen dy’t hieltyd heger wurde. Ferdinand de Jong skriuwt flot en it boek bliuwt boeiend. De Jong kin hiel goed mei in pear wurden it ferhaal in slinger jaan sadat de lêzer samar wer midden yn in oare perioade sit. Byldzjend beskreaun binne de berchtochten.

De sjuery hat noch wol in krityske noat, opbouwend bedoeld: It taalgebrûk is betiden fraai, literêr-achtich, mar op oare plakken út en troch plat-realistysk en âldfrinzich. Om oan te sluten by de taal fan jonge minsken soe it taalgebrûk wat hipper kinne. En mei de intime sênes liket de skriuwer ferlegen te wêzen, want de dialogen dêr binne de knoffelige kant it neist.

Mar, al mei al tinke wy dat Ferdinand de Jong syn ‘It dak fan de wrâld’ it bêste by it doel fan de Rink van der Veldepriis past: literêr Frysk proaza foar in breed publyk. En wy tinke dat De Jong it yn him hat om de kommende jierren in spannend en ôfwikseljend oeuvre ôf te leverjen.

No sa. Mei út namme fan myn kollega-sjueryleden, sis ik jim tank foar de oandacht en lokwinsken foar de winner.

Drachten, 15 febrewaris 2012
Karen Bies / Symen Schoustra / Geertrui Visser